

tich, hwet it each dêr oanskôget: in hânfol kneukels en rustige spikers. Mar yn spyt fen alles hâldt it gelove hjiroan fêst: dit fordjerlike moat de ûnfordjerlikens oan-dwaen.

En nou freegje ik : Binne dea en grêf yet sa mankelyk?  
As it libben mei Christus skûl hat yn God, né ! Mar as men inkeld hinget oan 'e wrâld, dy 't mei al syn skatten op in ein rint, dan ja !

Hear, biwarje ús by it gelove. Amen.

G. A. WUMKES.

## Psalm 118.

Lit ider nou mei 'n blide tonge  
Oprjucht fen sin en wol to moed  
Des Heechsten greate ginsten sjonge :  
De Heare is oan Syn tsjinders goed.  
Lit Isrel from en froed nou sizze :  
Ho goed, ho ginstryk is ús God !  
Hy liet ús net yn earmoed lizze,  
Mar joech Syn folk in greate skat.

Lit Arons team nou nochtfol sjonge :  
Wy stean oer 't rynske heil forsein !  
Wy loovje Him mei herte en tonge  
Syn mylde goedens nimt nin ein !  
Jim sang mei heech omhegens kliuwe !  
Jim, dy 't Him freezje, wij' Him 't liet ;  
God liet jim net yn 't lijen bliuwe,  
Joech ryklik wille nei 't fortriet.

'k Haw yn bineardheit oan Him roppen ;  
De fijan socht my del to slaen,  
Mar d'Ivge stjûrde help fen boppen,  
Hy brocht my op in rûme baen.  
De Heare is by my t' aller tiden,  
Woe acht op 't dimmen smeekjen jaen,  
Ik sjuch Syn almacht for my striden,  
Hwet scoe my dos in minske dwaen ?

De Heare wol my help biskikke,  
Hy komt mei krêft myn haters tsjin,  
Hjar tûmljen mei myn hert forkwikke,  
Ik wit op Hwaem ik bouwe kin.

It wint it, as we yn 't lijken sitte  
To siikjen taflecht by de Hear,  
De minsken scil ús tel forlitte,  
De minske fält en is net mear.

't Is fierwei 't bêste op God to bouwen !  
Hwet jowt der greaten glânse en macht,  
Heechsteande prinsen to bitrouwien  
Bringt oer ús hollen leed en nacht.  
De Heidnen hiene my omkrongen,  
Hjar swird wie gleon, hjar grime fel,  
'k Haw hjar yn 's Hearen krêft bitwongan,  
'k Sloech hjar yn 's Hearen Namme del !

Hja hiene as bijen my omgûnze,  
As toarnefjûr binn' hja forgien ;  
Ik haw hjar yn 'e djipte bûnze,  
De Hear hat oan myn side stien.  
Dû hiest me o fijan slim oerstjelpe,  
Mar 't heilleas moardplan is net lokt,  
Hwent God, myn Heilân woe my helpe,  
Hy hat my út d' elinde rokt !

God is myn Sterktme en Treast yn 't lijken,  
Myn lof, myn swiete freugdesang,  
Troch Him sjoch ik myn wolfeart dijen,  
Ik loovje Him myn libben lang !  
't Rjuchtfeardich folk forheft de stimme,  
Hjar tinte jûchet ta Syn ear :  
Wêz minskdom, for Gods each bidimme  
In greate Oerwinder is de Hear !

Des Hearen hân docht greate dieden,  
Des Hearen sterke rjuchterhân  
Wit ierde en himel fêst to lieden,  
Hâldt mei syn krêft it folk yn stân.  
Ik scil troch 't gleone swird net stjerre,  
Ik bliuw yn wêzen ta Gods ear.  
Der boazen listen binn' mislearre,  
De fijân foel, bistiet net mear !

Al brocht Gods hân my slim yn 't lijen,  
 Al dreaue ek oer myn siele it kwea, —  
 My trof in faderlik kastijen,  
 Hy joech my dôchs net oan 'e dea.  
 Doch iepen for myn snokkrjend herte  
 De poarten der gerjuchtichheit,  
 Hjir scil ik ta Gods lof my sette,  
 Hjir sjong ik 's Heechsten Majesteit !

Hjir sjucht myn each des Hearen poarte  
 Omgloeid fen lottre sinneskyn ; —  
 Hjir giet, — ho 't wy Him tankje moatte! —  
 't Rjuchtfeardich folk mei bliidskip yn.  
 Lit my jo ivich loovje o Heare,  
 Forhearer fen myn stil gebet !  
 Jo helpen my út al it neare  
 Jo haw my yn 'e romte set !

De sark, dy 't hja forsmiten hienen,  
 Oerdwealsk forwirpen en forspein,  
 Hat God oer alle tempelstienen  
 Folhearlik ta in slútstien lein ;  
 De bouljue dwilen do 't hja 't seagen !  
 De frommen namen 't op yn 't hert!  
 It is in wûnder yn ús eagen,  
 Wy sjugge it mar trochgrounje it net !

Dit is de dei fen God orneare,  
 Ho winkt in mylde tiid ús ta !  
 Gods folk nimt ta yn glâns en eare,  
 Wy meije in reine wille ha' !  
 Och Heare, jow nou lok en rête,  
 Och Heare, hâld Jins hân net fier !  
 Bliuw jimmer nei en skik ús 't bêste  
 En jow ús lânnen groede en tier.

Der sjit in sprút út d' âlde stamme,  
 Ut Davids hûs in nijе leat !  
 Wy seegnje Him yn 's Hearen Namme,  
 Wy seegnje Him, Syn rom is great !  
 De Heare is God, Dy 't ús oerljochte  
 Mei 'n blide glans, mei wille en fré !  
 Hâld d' offers Him, Dy 't oan ús tochte  
 Mei touwen oan it alter ré !

Jo binn' myn God, 'k scil ivich sjonge  
 Ho myld Jou wird ús 't lok taseit,  
 'k Forheegje Jo mei 'n blide tonge  
 En loovje aloan Jins Majesteit !  
 Lit elk mei my Gods goedens priizje  
 Oprjucht fen sin en from to moed,  
 Us lofgesang moat jimmer riizje :  
 God is Syn folk in ivich goed !

A. WYBENGA.

## Gesang 187.

Jezus libbet ! wy mei Him ;  
 Dea, dû kinste ús net forskrikke !  
 Jezus libbet en Syn stim  
 Scil ús 't ivich libben skikke,  
 Stjûrt ús ryk syn Heilge Geast,  
 Dit allinnich is ús treast.

Jezus libbet en Syn ryk  
 Komt en spriedt it lok op ierde,  
 Wy, Syn broerren, Him allyk  
 Scille noait wer fen Him skiede ;  
 't Godlik wird kaem hearlik út,  
 Treast fynt elk by Davids sprút.

Jezus libbet, freezje net  
 Sûndaer, dy 't de sünden wage,  
 Hy biwogen yn syn hert  
 Woe jim lëst en sünden drage.  
 't Lijen naem er op Syn lea  
 Treast jowt ús Syn bloed en dea.

Jezus libbet, 't heechste goed  
 Komt ús yn Himsels tomiette ;  
 Lit ús kampjend 't wrâldske goed,  
 't Leidich sündepaed forlitte !  
 Jezus stiet ús swakken by,  
 Hja, dy 't stroffje, sterket Hy.

Jezus libbet, dit is wis  
 Hwér 't ús paden hinne rinne:  
 Sels de tsjokste tsjusternis  
 Wirdt ta moarntiidsrea fortinne;  
 Dér 't de Foarst der tsjusternis  
 Alle macht úntwrongen is.

Jezus libbet, nou 's de dea  
 't Yngean ta it wiere libben.  
 Ringen skiede wy fen 't kwea  
 Hjur to faek mei ús bisibbe;  
 Den omhegens kliuwt ús siel,  
 Jezus bliuwt ús ivich diel.

A. WYBENGA.

## O det myn herte in wolkem wie!

O det myn herte in wolkem wie  
 Dy 't my nei 't blauwe brocht!  
 Sa licht, troch-loftich, rea-omstryld  
 Mei 't bloejend jountiidsjocht.

Den dreau ik der omheech sa blier  
 Op d' amme fen 'e wyn,  
 Den niigde ik 't leavyjend holke nei  
 De gouden sinneskyn!

Den dreau ik licht en kein oan 't swirk  
 En kipe ik nei de groun,  
 'k Sei: minsken sjuch dôchs nei omheech,  
 Hjur wirdt jim 't hert wer soun!

Ho seach ik den it wrâldsk bidriuw  
 Mei better eagen oan  
 En 'k glimke om 't wrotten op dizze ierd,  
 Omhegens winkt de kroan!

Den sylde ik tsjin it himelblau  
 En 'k lake it blomke ta:  
 Wy binne fêst fen 't selde laech  
 Wy bloeije beide sa!

— Kom sigentsje, — sa rjeaunte ik den  
 — En boartsje hwet mei my!  
 Kom lit ús dounsjie oan 't himelwiid  
 Sa luftich en sa frij!

Kom smei myn smedich lichem om  
 Foroarje it tûzenkear  
 'k Bliuw jimmer moai en tûzenfâld  
 In lofsang for de Hear!

Den dreau 'k âl heger nei it blau  
 Gods skjinne himeltroan,  
 Hwent God to sjen is himelnocht  
 Syn tsjinst allinne is skoan.

Och, det myn herte in wolkem wie  
 Dy 't nei omhegens kliuwt;  
 'k Wie los fen d' ierde en 't ierdk bidriuw,  
 'k Moat ha, hwet ivich bliuwt!

Den gloeide my myn siele rea  
 Fen ljearde for de Hear,  
 For Jezus, Dy 't syn bloed forgeat,  
 Sa ynlik en sa tear.

O jountiidsrea, o wolkengloed,  
 Jit frede yn 't freegjend hert!  
 Ik sjuch jim nei, o nim my mei! . . .  
 Mar . . . 't is myn tiid noch net!

A. WYBENGA.

## Hja sliept.

Hja sliept, dy lytse wrotter!  
 Hwet leit se waerm en skoan?  
 De glûpske pypkes kamen  
 En loeken d' eachjes oan.

Ho'n frede leit oer 't wangkje,  
 Det wangkje rozerea!

Op miette fen hjar siken  
Gean séft hjar lytse lea.

Siz, drôgest fen dyn poppe,  
En glimkest nou sa swiet?  
Ef koarts fen heite knibbels,  
Ef memme fleurich liet?

Hja slipt, mar d' inglen weitsje  
By 't bêdtsje fen ús bern! . . .  
Ik leau hjar gouden wjukken  
En paarpren lea to sjen . . .

A. WYBENGA.

## Krysttiid.

Der rûst in stimme troch de wrâld,  
Dy 't sprekt fen frede en fen bihâld,  
De golle krysttiid briek wer oan,  
It bertefeest fen de iv'ge Soan  
Fen God, Dy 't for it minskebern,  
Yn sûndeskild alhiel forlern,  
De fredefoarst, de redder is  
Dy 't ljocht brocht yn 'e tsjusternis.

Gjin koaningstroan  
Gjin pearelkroan,  
Gjin pronk en pracht  
Wie yn 'e nacht,  
Do 't Jezus berne waerd to sjen,  
Yn doeken woelle lei der 't bern,  
For 't each oan alle berntsjes lyk,  
De Koaning fen it frederyk.

Ja 't wie in koaning; himelboaden  
Forlieten for in skoftsje de oarden  
Fen ivich lok en oer dizze ierd'  
Klonk hein en fier hjar fredeliet.

En sont dy himelboaden songen  
Fen frede, flesh de tiid foarby,  
En de ieuwen haww' elkoar forkrongen,  
En jier op jier klinkt noch op nij,  
Dy sang fen frede fier yn 't roun,  
En mannich rêtsteas minskehert,  
Forbûke faek troch leed en smert,  
Hat troch dy sangen frede foun.

Frede op ierde? . . . yd'le winsken  
Wirdt er roppen, hwent de minsken  
Binn' troch fijanskip bidoarn,  
't Oarlochswé waert om yen hinne,  
En yn sté fen frede, binne  
Haet en roofsucht op 'e troan.

Frede op ierde? . . . en út de fierste,  
Klinkt de krychsang yen tomiette,  
En de fjilden binne read  
Fen it bloed fen tûzentallen,  
Dy 't troch 't moardsjend striidark falle,  
Yn 'e klauwen fen 'e dead."

Dochs — it mei tsjinstridich skine  
Trochdet lân en folken kwine,  
Nou 't it oarlochswé hjar treft,  
En nou tûz'nen wounen bliede —  
Lykwols hâldt dat frede op ierde  
Jimmeroa syn selde kreft.

't Liet, alear troch ingletongen  
Oer Judea's fjilden songen  
Bliuwt fen wearde krekt allyk;  
Oer in wei fen bloed en triennen,  
Slaen we yn hope ús eagen hinne,  
Nei it ivige frederyk.

O. S. AKKERMANN.

## Hwet de klokken sizze.

Bombam, hark, de klokken liede,  
Bombam, 't rôllet fier yn 't roun;

## Psalm 133.

't Is goed, 't is skoan, as broerren mei'noar kinne  
Yn foar en tsjin eltsaaren tear biminne,

Sa bloeit de ljeafde-roaze ryk ;  
't Is aan de salve en kostlike oalje lyk  
Dy 't Aron aan it heilich ampt forbynt  
Hwerfen yn 't hert de wearoglâns skynt.

Hwer 't ljeafd' is, scil Godsels syn wente bouwe ;  
Dy ljeafd' is lyk aan Hermons keine dawue

Dy 't prûzich nei de lichten wynt,  
Oer Sions top mei wite weagen tynt,  
Dy delslacht op it Godbiwenne sté  
Der fruchten skikt en ginst en fré.

Dêr 't ljeafde bynt, dêr dawet op ús wegen  
Ut 's Hearen hân in skat fen mylde segen

En 't libben oant yn ivichheit.

A. WYBENGA.

## Psalm 147.

Lit nou Gods lof omhegens riizje,  
Wy moatte ynbliid ús Skepper priizje !  
't Is tige as wy mei fleur'ge tonge  
God om Syn goeddwaen psalmen sjonge !  
't Is foechsum, det w' ús lof Him jowe :  
De Heare woi Jerúzlim bouwe,  
Hy bringt ús gear, skynt mei Syn sinne  
Oer dy 't út Isrel weidreaun binne.

Hy hilet britsenen fen herte  
En Hy forbynt hjar yn hjar smerte ;  
Hy lit hjar yn hjar sear en pine  
By Him in feilich wykplak fine.  
Hy telt it machtich oantal stjirren  
Dy 't swide pronkje yn 't heech omfierren,  
Hja driuwe aloan op 's Hearen amme,  
Hy ropt hjar elkmes by syn namme.

Us Hear is great en great Syn witten,  
Syn krêft, Syn macht is nea to mijitten,  
Fier gean' hja boppe ierdske machten  
Djip bin Syn ynsjuch en gedachten.  
Hy scil 't sêftaerdich folk biwarje  
Mar delslaen dy 't Syn tsjinders narje,  
't Godleaze folk is ringen sakke :  
Hjar huzen binne in púnheap makke.

Sjong, júchje om bar de hege Heare,  
Bring d' ivge Heilân tank en eare,  
Dy God, Dy 't great foar 't each der folken  
De Himlen klaeit mei tsjokke wolken ;  
Oer d' ierde driuwt Syn heil, det keine,  
Hy lit it myld op d' ikkers reine,  
't Gjers lit Er op 'e bergen groeije,  
D' oerditsen dallen sjonge en bloeije.

Gods ginsten scill' al d' ieuwen dûrje :  
Hy wol de bisten ryklik foerje,  
Gjin fûgeltsje scil Hy for jitte,  
Mar elk syn spize waechsje litte.  
Ho great is God ! ho lyts de minske !  
Hwet scoe ús krêft, hwet jow' ús winsken ?  
Syn Almacht scil de macht to brekke  
Fen dy 't oer eigen krêften sprekke.

De Heare wol by froeden wenje,  
Dy 't Him oprjucht fen sinnen tsjinje,  
Dy troch Syn hân hjar liede litte,  
Him freezie en nea Syn wet for jitte,  
Dy 't Godlik hjitten trou bitrachtsje,  
't Heil inkeld fen Syn ginst forwachtsje.  
O Salem, priizje aloan dy Heare !  
Bring Sion, bring Him tank en eare.

Dyn haters, Sion ! binne sakke,  
God hat dyn poarten stevich makke ;  
Hy jowt dyn bern Syn treast, Syn segen  
Hy hoedet hjar op al hjar wegen ;  
Sa fier dyn fierste peallen rikke  
Scil Hy dyn lannen frede skikke ;  
Hy jowt dy, by dyn lok en rête  
Fen 't eabelst nôt it djürste en 't bêste.

Hy stjûrt op d' ierde 't Godlik hjitten,  
Docht rêd Syn warden elk to witten ;  
Hy spriedt Syn snie en 't lân is ditsen,  
Mei 'n kleed fen sêfte wolle oertritsen ;  
Ho sêft Syn flokken rûg'lje kinne !  
Hy sieddet der by tûz'nen hinne.  
Dén struit Er wer mei mylde hânnen  
Syn rime as yeske oer wâld en lannen.

Hwa bringt him net Gods wirk to binnen ?  
Hy werpt Syn hirde heil as stiennen.  
Hy lit mei 't iis de stroamen floerje ;  
Hwa scoe Syn kjeld, sa skerp, fordûrje ?  
Mar 't waer komt mylder wer en better,  
Nou teit Er iis en snie ta wetter,  
It wyntsje rûst by heger sinne,  
Dêr floeijie altroch de weagen hinne.

Hy lit oan Jakob 't heilsrjucht witte,  
Joech Isrels team Syn Godlik hjitten,  
Hy liet hjar op Syn wegen wan'lje ;  
Sa woe Hy mei gjin oaren hân'lje,  
Dy liet er yn hjar tsjuster lizze  
Dy moatte it Godlik wetboek misse.  
Lit dos Gods lof omhegens kliuwe,  
Us tank troch 't loftrom ivich driuwe !

A. WYBENGA.

## Selskipnijs.

It Haedbistjûr fen it Chr. Selskip for Fryske Tael en Skriften-kennis hat it neisjen fen de 82 opstellen fen ús soldaten sa skikt, dat ider opstel twa ôfsûnderlike karmasters kriget. Seis man binne dêr oer to set. Dy seis karmasters hawwe in gelikense mjitstêf. Hja scille acht jaen op 3 punten *a* de fryske biwirdingen (idioom), *b* de ynhâld, *c* de stavering. For ieder punt wirdt in sifer jown en wol fen 1 ta 10. It sifer for a wirdt 3 kear nomd, dat for b 2 kear en dat for c 1 kear.

Dy útkomsten werde opteld en dat sifer hat it opstel. De seis karmasters, ûnder lieding fen in Haedbistjûrslid, scille sjen ta alhiele ienriedigens to kommen.

Nou 't der sa'n bulte opstellen ynkomm'd binne scoe ider meidogger

goede foar en lei fierders hjar soargen yn 'e hânnen fen  
'e Heare.

Do 't Gabe nei foerjen syn mem en de oaren fortelde  
fen 't gefal en ho 't hy dy mannen ontslûpt wier, sei  
mem: „nou jonge! den bist oan in great gefaer ontkomd  
en den hat de Heare dy nuverich biwarre. Dou meist wol  
tankber wêze, dast net yn 'e hânnen fen dy kearels fal-  
len bist, hwent siker! der hie net folle goeds fen komd.“

Gabe field ek wol, dat syn mem gelyk hie en dat dit  
allegearre net sa mar by tafal bard wier. Hy tocht by  
him sels: „As God de minsken net biwarre den koe hjar  
dochs heel maklik in ongelok oerkomme, hwent jonge! in  
ongelok leit op sa'n lyts plakje. Hy bigriep, dat hy nei  
alle birekkening dizze dei biwarre wier troch heger hân.

De oarededis hearde men, dat de Ryksfjildwachter fen  
Easterein en syn maet de fjildwachter fen Wommels, ticht  
by Hidaerd, twa kearels oanhâlden en oppakt hiene, om  
't se hjer en der iensume reedriders oerfallen wierne en,  
as it goedskiks net gong, den mei gewelt fen jild en  
kostberheden birove hiene.

J. FEN DONIA.

## It earste Ijurkje.

Tjirryt, tjirryt! tjirlierelier!  
In nochlik sjongsum liet!  
Ik sjuch it earste Ijurkje omheech:  
Hwet geit det sangje swiet!

De groun is klomsk, en kåld de snie  
De froast lûkt út it East  
Mar 't Ijurkje driuwt nei 't fine swirk:  
Det is de maitiidstrest.

De dei is koart, de nacht is njûr  
It sintsje bliuwt sa fier;  
Mar 't each omheech, nei boppen 't hert,  
Mei 't blide tierelier!

Ho raent me yn 't ear det júchjend liet  
Dy suvre himeltoan!  
Dré komt nei kjelt en rein en wyn  
De gouden maitiid oan.

O God myn tank for fûgelklank  
Dy my yn gloede set!  
Jo stjûre nei de nacht de dei  
En maitiidswille yn 't hert!

A. WYBENGA.

## K r o o k j e s.

Tel komt de blide maitiid oan,  
Sint hoopjend d' eerste sprút,  
En wilens stekt it maerteblomt  
It holke it woeltsje al út.

Noch stiet it gêrs hjer skrousk en hean,  
Mar helder-prûs, fol tier  
Sjuch ik der krook by krookje stean  
Yn kleuren blank en blier.

It gieltsje sjongt: in hert fen goud  
Stiet my sa kein as hwet!  
In hert det waermte en glânse jowt,  
Is d' aldergreatste skat!

It wite glimket: sjuch en fiel  
Yn 't blanke rom dyn bod!  
In skjinne siel, in wite siel  
Is d' alderbêste skat!

't Blau eachje blinkt, 't blau blomke seit:  
De trouwe fen in God,  
De trouwe dy 't yn 't blauwe leit,  
Is fierwei d' ealste skat!

Scoe 'k kieze?.... kieze is net oan my!...  
Myn herte freget froed:  
Bliuw God, mei alle trije by,  
'k Bisit den 't heechste goed!

A. WYBENGA.

in feestdei for de Grifformearde Friezen, dy 't groeiden,  
det Kuper to Lollum kaem.

Klaes Kooi, de synodale hounegysler fen Skettens sei :  
Dêr moat ik hiinne.... nou 't Beëlzebul komt, wol ik him  
sjen. En sokke synodalen wierne der mear, dy 't nei Rû-  
gelollum teagen.

Lollum wier dy dei to lyts.

De tsjerke fol. It paed fol. Heit hie kunde aan Brune  
en aan Elshout — sa rekken wy togjarre troch it folk  
en kamen yn it hek. Mar earmslach hie men net.

Mei ljedders stienen hja tsjin de tsjerke op.

De minsken sieten en hongen boppe yn de tsjerke tsjin  
it dak oan. Ek de neimiddeis.

Wyminga die yntré.

Ik seach tige nei de blauwe oerjas fen Kuper.

It wier in lyts, grou keardeltsje, mei in bytsje gleone  
eagen.

Nei tsjerketiid in pantsje thé by Elshout.

En do wer nei hûs.

Dizze dei hat for Lollum ienich west. Mar ek for my.

Ik seach do myn takomstige prefester.

It is nou al 28 jier forlyn.

Mar it is my as wier it jister.

LYTSE JOHANNES.

## Kleaster Sion.

De hânnen gear ! — de sillige joun  
Oerdriuw fol weelde de hillige groun.  
D'âld beam stiet drôgjend to lústrjen nei 't liet  
Dat dauweweagjend oer 't ierdryk giet.

En d' eagen ta ! — ik wit se to gean  
De fromme sisters yn lottere klean ;  
Hjar herte driuwt heech yn ynlik gebet  
It ierdryk swiget — de jounmis ledt.

En 'k swige from ! — 'k fiel wûndere fré  
My 't herte treastjen op 't hillige sté,  
'k Bin lyts en great as 't únnoazele bern :  
'k Maei 't hearlik each fen myn Jezus sjén.

Dy goudne sang ! — wyk wei, wylde wrâld  
Us hymjend hert wit yn 't heegre syn hâld.  
Ho nochlik, sillich ! Godsbreiden bin wy  
Fen ierdske, bluistrige ljeafde fry !

Yn Jezus 't âl ! — yn hillige klang  
Sjongt siele en sin in swiet-suvere sang ;  
Rein kliuwt ús hert út it smodzjende stof  
En driuwt nei Jezus yn 't himmelhof.

Myn drôge wiek .... mar djip yn myn hert  
Stiet from it Amen op 't nonnegebet.  
My winkt de kroan yn it himmelske ljocht  
Yn Sion heech my fen Jezus bitocht.

A. WYBENGA.

## As 't jountiid wirdt . . . .

As 't jountiid wirdt en wolkebanken noegje  
Ta rêt op 't sté dêr 't reade neiskyn bloeit,  
En wiid de griende mieden wille drôgje  
En 't dauwekleed al oer 'e fjilden groeit, —  
Den driuwe heilige tinzen my tomiette  
En lústrje lok oan 't longrijend minskehert :  
Hjir mei 'k my ryk yn wiid forlangjend witte,  
Det sêdding bringt yn 't inerlik forlet.

As 't jountiid wirdt en 't lêste signtsje oerlûkt,  
It beamke stil forwege is oer de pracht,  
Dy 't stille strielt fen tûznen goudne stijrren  
Oan 't himmelfjild de blommen fen de nacht,—  
Den driuwt yn wasem-goudne tinzen  
My frede ta, 'k fiel my Gods Inglen by,  
Sa wiid, sa heech ûntwjukt de siel hjar grinzen  
En skôget djip Gods skeppingsharmony.

Haw tank, o God ! for tûzen mylde ginsten  
Dy 't Jo my hjir sa ryklik smeitsje litt',  
Ik sjuch Jins hân yn al Jins wrâldbimachtsjen  
'k Wit ho 't Jins namme yn al Jins wirken stiet.

Mei fêste hope op d' ivge sillicheden  
 Uneindich moaijer as de stilste joun,  
 Jow Jo my rêt en wündre stille frede:  
 'k Wit m' ivich oan Jins fredetsjinst forboun.

A. WYBENGA.

**Psalm 113.**

Sjong, Hallelujah, lof en ear  
 Oan God de machtige Opperhear,  
 Jim dy 't Him tsjinje from to moede!  
 De namme fen Syn majesteit,  
 Sij prezen oan 't yn ivichheit  
 Mei friske krêft, mei heilge gloede.

Fen hwêr 't de sinne yn 't Easten blinkt,  
 Oan 't der 't se yn 't fiere Westen sinkt,  
 Sij love 's Hearen greate Namme!  
 De Heare is heech oer 't heidendorp:  
 Syn himmelwiid fortelt Syn rom;  
 Syn macht hâldt sinne en moanne omklamme.

Hwa is allyk oan Isrels Hear,  
 Oan God, Dy ta Syn ivige ear,  
 Yn 't nea to oanskôgjen hege wenne?  
 Dy 't fen Syn swide himmeltroan  
 Sjucht al ús ierdse wrotten oan,  
 Dy 't wit, hwa't Him ten herten tsjinnet!

Hwa is oan God, ús God allyk,  
 Dy 't d'earmen helpt út sodze en slyk  
 Hjar rêdt, dy 't rie noch útkomst witte,  
 Dy, jaende in romme pleats fol nocht  
 Hjar sels by prinsen wenjen docht,  
 En lit hjar njonken foarsten sitte?

Hwa lovet net Gods wündre trou  
 Hy lit de lang ûnfruchtbre vrou  
 Yn 't hûsgesin de freugde riizje:

Hja mei in blide mem hjar bern  
 Yn frede en woltier dijen sjen; —  
 Lit ús Gods woldwaen ivich priizje!

A. WYBENGA.

**Psalm 122.**

Myn herte is bliid, honear hja my  
 Godljeavjend noegje: hen, wy stean  
 Yn toai, om 't Godshûs yn to gean,  
 Gean ringen wei en doch as wy!  
 Jeruzalim, myn sinneskyn,  
 Wy gean dyn heil'ge poarten yn,  
 Fen siele en sin yn God fornoege,  
 Myn eagen sjugge it glimkjend oan:  
 Jeruzalim is ryk en skoan  
 Fen d' Opperbouhear sels bifoeghe.

Hjir gear de stammen júbljend op,  
 De stammen fen Syn Israël  
 Nei 's Hearen wente op heech bifel.  
 Ho swide geit hjar blide rop:  
 Ho goed is 't yn Gods hûs! hjir sjucht  
 Jins folk it stoelt' ten ivich Rjucht,  
 Hjir strekt him Davids erfskip hinne,  
 Bidde allegear mei fromme stim  
 Om frede for Jeruzalim:  
 't Giet hjarren tige, dy 't hjar minne.

Sij yn Gods fêsting frede en rêt,  
 Yn hjar paleizen nocht en tier;  
 Bliuw Godssted, yn dyn hegens blier!  
 'k Sprek om myn broerren ta dyn best  
 En 'k freegje: o God! stean ivich bij  
 Det hjir it ivich frede sij,  
 Noait mei de haet hjar boargers prykje!  
 Om 't hearlik hûs fen Isrels God  
 Us taflecht en ús heechste skat  
 Seil 'k fleurich for hjar 't goede siikje.

A. WYBENGA.

## Psalm 124.

„Hie net de Heare yn giinst ús njonken wést,  
Gjin stipe ús jown yn al ús leed en lést,“  
— Moat Isrel bliid nou sizze, — „en bystân dien  
Wy hien' t forlern, wierne yn in swang forgien.“

Hie God Him net genadich nei ús wynd,  
Sa hienen hja ús libbensliifs forsylynd,  
Sa hienen ús de wylde weagen slein ;  
In sterke stroam wier oer ús sielen tein !

De Heare is great yn goedens súnder ein,  
Oars hien' wy djip yn 't dryste wetterlein !  
Wy priizje Him, Dy 't ús genadich droech,  
Us net ta 'n bút yn roverstosken joech !

Us siele is lyk in fûgel 't leed úntflein !  
Des fangers strûp bislepen om ús lein,  
Briek ringen los, — ús help is fen de Hear,  
Dy 'tierde en himmel makke ta Syn ear.

A. WYBENGA.

## Psalm 137.

Wy leine yn 't stof, wy gûlden hjitte triennen,  
Do 't wy omfier by Babels stroamen wiernen,  
Ho near wie 't elk, út 't each fordwoun it ljocht,  
As hy mei smert oan 't heilich Sion tocht ;  
Elk hat syn harp, hwa scoe sa tinke oan sjongen?  
Yn bittere klachte oan treurge wyljen hongen.

De fiján doarst by alle únk ús tergje,  
Us op in sang, in liet fen Sion fergje ;  
He mochten hja, dy únbisnienen 't ha,  
En riid' ús nei, narje en faksearje ús sa ?  
Wy gjalpten 't út : „ho scoe ús droege tongue  
Yn 't frjemde lân in liet des Hearen sjonge ?“

Jeruzalim ! mocht ik dy oait forjitte  
Den maei myn hán net fen himsels mear witte !  
Myn tonge sij fortsoarre, as ik ien wink  
Net oan syn berch en 't heilich wenplak tink ;  
Droech myn forwulf, al 't wé oer 't dwyljend herte,  
Mocht ik Gods stêd boppe alle nocht net sette !

Tink, Heare tink ! hwet binne wy forsmiten !  
Ho hunen ús yn 't fallen d' Edomitien !  
Nôch sjucht ús each dy wrede tergers stean  
Mei 't boalewird : „toropje hjar de klean,  
Jow 't húchljend folk, — 't wirdt tiid ! — de folle mijtte :  
Wol dôchs gjin stien op 't grounfest bliuwe litte ;

Dy Babylon ! wy sjugge tel dy fallen !  
Loksillich hy, dy 't kladdert oer dyn wâllen,  
Dy delslaen scil, dy 't dy forjildzje mei  
Hwetst' ús misdychst ! dû sakkest ringen wei  
Du doarst to stûf it heilich Bounfolk narje !  
Dré scil Gods wraek dyn berntsjes sels net sparje !

A. WYBENGA.

## Psalm 150.

Loovje God, fortel Syn rom,  
Loovje Him yn 't heilichdom !  
Sjong Him 't bliid Hallélujah  
Yn Syn hege himel ta !  
Sjong Him om Syn greate dieden ;  
Sjong Him om sa mannich blyk,  
Fen Syn hearlik keninkryk,  
Foar Syn troane en hjir op ierde !

Loovje mei bazuneklank !  
Siz de Skepper lof en tank ;  
Sjong ynbliid fen herten 't út ;  
Loovje Him mei harpe en lút,  
Loovje Him mei fluit en tromme ;  
Spylje froalik troch in dei  
Op jimm' snare en jimm' skalmei,  
Bring Syn gloarje yn 't wiid rounomme !

Loovje en tankje o Israël !  
 D' ieuwen lâns Syn wiis bistel,  
 Mei in willefolle stim,  
 Mei jimm' bekkens loovje Him ;  
 Bring jimm' Kening lof en eare !  
 Al hwet libje en amje mei,  
 Sjonge froalik al den dei  
 Lof en tank aan d' ivge Heare.

A. WYBENGA.

## Boekskôging.

**De Jongfryske Biweging** fen D. Kalma, uitjown by I. Bergsma f.h.  
*A. Schaafsma te Dokkum, priis f 0.50.*

De forskining fen dizze brochure achtsje wy yn ús lytse Fryske letterwrâld in evenemint, der't wy ús boppe miette yn forbliidzje, in nij libbensteiken mei swide ûnthjittings for de takomst.

De jonge skriuwer, dy 't yet stiet aan 'e poarte fen it libben, hat fortsginne det de âldere striiders him in wird fen hilde bringe for dit treftich program fen aksje, for dizze ynmoedige striidrop ta in krêfdiedich offensyf yn ús taelstriid.

Dy 't mei noch gjin twa krúskes êfter 'e rêch al sa 'n brede swier fen skriuwen, sa 'n rom gesichtsfjild en sa 'n fêst doel foar eagen hat, kin der oanspraek op meitsje dat mei him rekkene wirdt. En dat scille wy dwaen, wy âlderden, dy 't al mannich jier to war stien hawwe for ús sprake. Wy scille Kalma en syn frjeonen yn it each hâlde en ús waermje oan hjar hearlik idealisme. Der sprekt út dit geskrift sa 'n krêftich wollen, sa'n hege opfetting fen kinst, sa 'n brekken mei sleur en konwensje, det it ús woldiedich oandocht en sims yn it herte taest.

Dêr wirde hjir hirde wierheden sein oan 'e paedlieders fen 'e Fryske taelbiweging, mar ek gouden worden spritten, dy 't ús út 'e siele skreaun binne, werden dy 't it Fryske folts yn him opnimme mei, as it hjit: „It Frysk mei yn gjin gefal it bolwirk werde fen tinzen út it skiere